

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Douwe Hoogland / Klaas Fokkinga
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p><b>Hanhavening en legalisaasje Wnb / stikstofproblematyk</b>          Nei oanlieding fan in artikel yn it Frysk Deiblêd fan 5 desimber 2020<sup>1</sup> oer it driigjende stillizzen fan 11 desimber ôf fan twa houtsnippersintrales, stelt de FNP skriftlike fragen oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten.</p> <p>Yn ferbân mei de driuwende situaasje en de grutte gefolgen foar de bedriuwen, <u>fersykje wy om beântwurdiging fan de fragen al foar de ein fan dizze wike (11 desimber)</u>. Mocht dat net foar alle fragen mooglik wêze, dan fersykje it Kolleezje de antwurden op de fragen oan ús ta stjoeren dêr't op koarte termyn wol in antwurd op jûn wurde kin.</p> <p>Binnen it Programma Aanpak Stikstof (PAS), dat oant ferline jier bestie, waard der ûnderskied makke yn trije situaasjes:</p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• der wie in fergunning nedich as de deposysje op in stikstofgefoelige habitat yn in Natura 2000-gebiet boppe de 1 mol/ha/jier út kaam;</li> <li>• der moast in melding dien wurde as it boppe de 0,05 mol/ha/jier út kaam;</li> <li>• en as it ûnder 0,05 mol/ha/jier bleau wie ek in melding net nedich (âld artikel 2.7 Regeling Natuurbescherming).</li> </ul> <p>No't de PAS net mear bestiet wurdt weromfallen op § 2.3 fan de Wet Natuurbescherming (Wnb). Dêryn is benammen de fraach fan belang oft it projekt signifikante gefolgen hawwe kin foar in Natura 2000-gebiet.</p> <p>Dy fraach is dreech te beântwurdzjen en ferget faak in soad ûndersyk. Teffens binne de wurkbere ynstruminten om de ûndernimmer te skewielen by de fergunningferliening noch net beskikber. Omdat tagelyk miljeu-organisaasjes fergje dat de provinsje hanthavenet, komme ûndernimmers no yn de knipe.</p> <p>De FNP sjocht in grut gefaar yn dizze ûntjouwing, omdat dêrtroch potinsjeel in soad bedriuwen stilset wurde kinne. Dat sil grutte skea dwaan oan de ekonomy en wurkgelegenheid yn ús provinsje. Dêrom stelt de FNP de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<p><b>1. Hanthavening</b></p> <p>a. Hoefolle fersiken binne der west yn Fryslân om te hanthavenjen op grûn fan de Wnb? Hoefolle dêrfan binne op dit stuit ûnder de rjochter? Yn hoefolle saken is der útspraak dien en wat wie dy útspraak?</p>

<sup>1</sup> Friesch Dagblad, 'Provincie dreigt houtcentrales stil te leggen', 5 desimber 2020; ek: Leeuwarder Courant, 'Stikstofperikelen: sluiting dreigt voor paprikabedrijf', 8 desimber 2020; Friesch Dagblad, 'De strijd wordt over mijn rug uitgevochten' en 'Milieuclub wil met strijd tegen kachels houtimport keren', 8 desimber 2020;

- b. Hoefolle fan dy hanthaveningsfersiken hawwe te krijen mei âlde fergunningen ûnder it PAS-systeem, hoefolle hanthaveningsfersiken gean oer saneamde PAS-melders en hoefolle gefallen binne der wêrby't foar de konkrete situaasje ûnder it PAS gjin melding nedich wie?
- c. Hoefolle fan dy hanthaveningsfersiken hat it Kolleezje ôfwiisd en by hoefolle hat it ynstimd en de hanthavening yn gong set (foar de trije kategoryen)?
- d. Hat it Kolleezje ek sels aktyf hanthavene op it ûntbrekken fan in jildige fergunning neffens (§ 2.3 fan de) Wnb?

Yn in brief fan 10 novimber skriuwt it Kolleezje oer hanthavenjend optreden en dat it dêrby gebrûk makket fan de Lanlike Hanthaveningsstrategie.<sup>2</sup> Fan oare provinsjes<sup>3</sup> en fan de Minister fan LNV is bekend dat hja hanthaveningsfersiken fan miljeu-organisaasjes ôfwiisd hawwe. Yn it gefal fan de boargerpleanfjilden yn Nederlân<sup>4</sup> en de fleanbasis Ljouwert<sup>5</sup> hat de Minister hanthaveningsfersiken ôfwiisd. Hoewol't der gjin konkreet sicht op legalisaasje is, omdat gjin fergunningsoanfraach yntsjinne is, fynt de Minister hanthavenjend optreden ûnevenredich yn ferhâlding ta it belang fan de fleanfjilden Eindhoven, Lelystêd, Rotterdam, Skiphol en de fleanbasis Ljouwert. Pas as der sicht is op legalisaasje wurdt in nij hanthaveningsbeslút naam. De miljeu-organisaasjes binne net yn berop gien tsjin de ôfwizing fan de hanthaveningsfersiken.

- e. De Minister fan LNV hat yn april 2020<sup>6</sup> skreaun dat mei de provinsjes ôfsprutsen is dat, ûnderweis nei legalisaasje fan meldingen en frijstellingen, hanthaveningsfersiken ôfwiisd wurde sille. Hat it Kolleezje dy ôfspraak folge en/of folget it dy ôfspraak noch hieltyd? As dat net it gefal is, wêrom net, of wêrom is dat yntusken feroare?
- f. Kin it Kolleezje oanjaan wêrom't de bysûndere omstannichheden neffens de jurisprudinsje fan de Ried fan Steat<sup>7</sup> om net te hanthavenjen har yn it gefal fan de twa houtsintrales yn Fryslân net foardogge en it Kolleezje derfoar keazen hat om wol te hanthavenjen?

## **2. Hardheidsclausule:**

Artikel 11 fan de *Provinsjale Beliedsregels yntern en ekstern saldearen Fryslân 2020*<sup>8</sup> is in ûnbarmhertichheidsklausule.

<sup>2</sup> Brief Kolleezje fan Deputearre Steaten, 'Beantwoording schriftelijke vragen over de rol van de provincie bij het verlenen van een Wet natuurbeschermingsvergunning ten behoeve van een stal bij een bedrijf in Ee', 10 novimber 2020;

<sup>3</sup> Gedeputeerde Staten van Flevoland, 'Openbare besluitenlijst GS 21 april 2020';

<sup>4</sup> Minister van LNV, 'Kamerbrief Handhavingsbesluiten Wet natuurbescherming met betrekking op nationale luchthavens', 2 april 2020;

<sup>5</sup> Minister van LNV, 'Handhavingsbesluit vliegbasis Leeuwarden', 21 septimber 2020;

<sup>6</sup> Minister van LNV, 'Kamerbrief Voortgang stikstofproblematiek: structurele aanpak', 24 april 2020;

<sup>7</sup> Under bysûndere omstannichheden kin fan hanthavenjen ôfsjoen wurde: dat kin as der sicht op legalisaasje bestiet en fierder kin hanthavenjend optreden sa ûnevenredich wêze yn ferhâlding ta de dêrmei te tsjinjen belangen dat fan optreden yn in konkrete situaasje ôfsjoen wurde moat;

<sup>8</sup> Besluit van Gedeputeerde Staten van de provincie Fryslân houdende regels omtrent intern en extern salderen (Provinciale Beleidsregels intern en extern salderen Fryslân 2020), konsolidearre ferzje jildich fanôf 5 desimber 2020;

	<p>a. Wat is it tapassingberik fan de ûnbarmhertichheidsklausule yn de Beliedsregels? Jildt dy allinne by de regels oer yntern en ekstern saldearen of hat dy in breder berik?</p> <p>b. Is it Kolleezje fan miening dat Deputearre Steaten njonken de tapassing fan de neamde Beliedsregels fierdere beoardielings- of beliedsromte hat by de fergunningferliening neffens § 2.3 fan Wnb? As dat net sa is, wêrom net?</p> <p>c. Is der neffens it Kolleezje dêrby romte foar beoardieling fan de evenredichheid neffens artikel 3:4 Awb? As dat net sa is, wêrom net?</p> <p>d. Is it stilsetten fan ûndernimmers mei in oantoanber lytse emisje/deposysje neffens it Kolleezje barmhertich en/of evenredich? Wêrop basearret it Kolleezje dat oardiel?</p> <p><b>3. Hoe grut is it probleem?</b></p> <p>Yn de praktyk blykt dat de emisje fan NO<sub>x</sub> (stikstof-oksiden) fierder rikket as dy fan NH<sub>3</sub> (ammoniak). Bedriuwen lykas houtsintrales hawwe dêrmei oer in grut gebiet in legere deposysje yn fergeliking mei feehâlders, dy't in mear konsintrearre deposysje yn in lytser gebiet feroarsaakje.</p> <p>By it foarbyld út de krante wurde op oanstean fan in miljeu-organisaasje by twa beskieden houtsintrales hanthavene omdat der gjin natuerfergunning is. Nei wat de FNP heard hat soarget de houtsintrale by de paprikakweker yn Bitgum foar in lytse deposysje yn de oarder fan 0,02 mol/ha/jier op 28 ferskillende Natura 2000 gebieten.</p> <p>a. Falle alle 'projekten' dy't stikstof (NO<sub>x</sub> of NH<sub>3</sub>) útstjitte ûnder it rezjym fan de Wnb?</p> <p>b. Soe dat yn begjinsel dan ek jilde kinne foar bygelyks in nije<sup>9</sup> gastsjettel, in nij ferfiermiddel, skip of in masine mei ferbrâningsmotor? Moatte neffens it stelsel fan de wet ek partikulieren of lytse bedriuwen dêr in fergunning foar oanfreegje? As dat net sa is, wêrom is dat dan basearre?</p> <p>Neffens de Minister berekkent de AERIUS kalkulator de deposysje op twa desimalen, mar betsjut dat net dat deposysje-bydragen grutter dan 0,00 mol/ha/jier per definysje in signifikant effekt hawwe.<sup>10</sup> Neffens ynformaasje fan it Kolleezje<sup>11</sup> leit de KDW (krityske deposysje wearde) fan 10 stikstofgefoelige Natura 2000-gebieten yn Fryslân tusken 500 en 1071 mol/ha/jier, wêrby de werklike deposysje dêr flink boppe sit.</p> <p>c. Kin it Kolleezje útlizze hoe't it mooglik is dat in deposysje fan 0,02 mol/ha/jier in signifikant effekt hawwe kin op in stikstofgefoelich Natura 2000-gebiet?</p>
--	--

<sup>9</sup> Ofsjoen fan oerwagingen oer trochgeand gebrûk of referinsjesituasjes;

<sup>10</sup> Kamerstukken I, 2019/2020, nr. 35 347, D, Memorie van Antwoord, 'Regels voor de aanpak van de stikstofproblematiek in relatie tot natuur (Spoedwet aanpak stikstof)', 13 desimber 2020;

<sup>11</sup> Provinsje Fryslân, 'Stikstof Cijfers concept', 21 oktober 2020;

	<p>d. Hat it Kolleezje yn kaart wat de boarnen binne fan grutskalige signifikante deposysje op de stikstofgefoelige Natura 2000-gebieten en beskikke dy allegearre oer in fergunning? As dat net sa is, wêrom net?</p> <p><b>4. Mooglikheden foar legalisaasje</b></p> <p>De Ried fan Steat hat dúdlik makke dat as de deposysje oer de krityske deposysjewearde hinne giet, dat net perfoarst betsjut dat der oantaasting fan dat habitattipe plakfynt, mar allinne dat dy mooglikheid net sûnder mear ôfwêzich is. By in stikstof-oerbelêste situaasje kin dan in <i>voortoets</i>/ekologyske beoardieling foldwaande wêze.<sup>12</sup></p> <p>a. Wêrút bestiet de ekologyske beoardieling en is dy yn alle gefallen like wiidweidich? Is der by it Kolleezje of by de oerheid algemien ynformaasje oanwêzich dy't dy it opstellen fan dy beoardieling minder dreech makket?</p> <p>Yn it brief fan it Kolleezje fan 24 novimber 2020<sup>13</sup> wurdt it nije Regionaal Stikstof Registraasje Systeem oankundige. Op it stuit wurdt dêryn allinne mar stikstofromte út provinsjale transaksjes registrearre, mar noch net romte weijûn. Mei de Beliedsregels fan 5 desimber 2020 hat it Kolleezje ekstern saldearen mooglik makke, mar dat kin op dit stuit noch net mei de measte feehâlderijen.<sup>14</sup></p> <p>b. Fan wannear ôf ferwachtet it Kolleezje dat minsken dy in Wnb-fergunning nedich hawwe gebrûk meitsje kinne fan de romte yn it Regionaal Stikstof Registraasje Systeem?</p> <p>c. Wat is de ynskatting fan it Kolleezje oer de tapassing fan it romte út it lanlike Stikstofregistraasjesysteem foar de legalisaasje fan Fryske oanfregers? Wurdt dêr oan wurke troch de Minister?</p> <p>d. Is it Kolleezje fan betinken dat it iepenstellen fan it Regionaal Stikstof Registraasje Systeem de fergunningferliening, lykas foar de houtsintrales, wer op gong helpe kin. As dat net sa is, wêrom dan net?</p> <p>e. Wat binne de redenen fan it Kolleezje om romte út it Regionaal Stikstof Registraasje Systeem noch net frij te jaan?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra
---------------	---

Datum	8 desimber 2020
-------	-----------------

<sup>12</sup> Ofdieling Bestjoersrjochtspraak Ried fan Steat: ABRvS 11 maart 2020, ECLI:NL:RVS:2020:741; ABRvS 9 oktober 2019, ECLI:NL:RVS:2019:3406;

<sup>13</sup> Brief Kolleezje fan Deputearre Steaten, 'Besluit tot het instellen van Regionaal Stikstofregistratiesysteem en wijziging Provinciale Beleidsregels intern en extern salderen Fryslân 2020', 24 novimber 2020;

<sup>14</sup> Artikel 6 lid 12 fan de Beliedsregels oer bedriuwen mei biste- of fosfaatrjochten;